

FRYSLÂN  
BOPPE



Handgemaakte  
pompeblêdsjes  
in goud en silber

Te koop in onze  
winkel in Joure of via  
[pompeblêdsjes.nl](http://pompeblêdsjes.nl)

MIDSTRAAT 1, JOURE [WATZEVANDERWAL.NL](http://WATZEVANDERWAL.NL)

2022  
2023


**RYSK**  
**SELSKIP SWOL**

Oan

Jiergong

51

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,  
8043 AZ Zwolle



**oprjochte 8 febrewaris 1899**



*Vanaf januari 2023 geopend!*

- ✓ Grand Café met heerlijke gerechten.
- ✓ Zoveel mogelijk gebruik van lokale producten
- ✓ Diverse vergaderruimtes met de beschikbaarheid van moderne apparatuur
- ✓ Ruime mogelijkheden voor feesten en partijen voor kleine en grote groepen



*Grand Café Thuis bij Kappers*  
Kerkstraat 7  
7722 LR Hoonhorst

*info@thuisbijkappers.nl*  
*www.thuisbijkappers.nl*  
0529-401281

## BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718	janendjoke@home.nl
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175	henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066	jolandalootens@live.nl
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683	sdabakker@outlook.com
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329	janntjerkkuipers@gmail.com
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836	annetnieuw@planet.nl

### Lede-administraasje

Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

### IBAN rekkennûmer


NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

## KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

### Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





piano's - vleugels - orgels - kleinstrumenten  
stemmen - onderhoud - verhuur

**DE GRAAF MUZIEK BV**

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

It Frysk Selskip Swol wurdtstipe troch:  
Café Restaurant Partycentrum "Het Boskamp",  
Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen  
[www.hetboskamp.nl](http://www.hetboskamp.nl)

## It Frysk Boun om Utens

Sneon 25 maart 2023 hâldt it Frysk Boun om Utens syn jierlikse

### Algemeine Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemiddei

diskear by de Fryske Krite Flevolân 'De Sékrite' yn Lelystêd.



De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking en fiering fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op **sneon 16 septimber 2023**.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten kriterien is te finen op 'e webside fan it Boun: [www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr)



MEIDIELINGEN BLEED FAN IT  
**FRYSK SELSKIP SWOL**  
Oprjochte 8 febrewaris 1899  
wintermoanne (desimber) 2022

### UTSJEN

It hat der in soad fan, dat we hieltyd earder útsjogge nei dingen dy't yn it foarútsjoch lizze. Yn jannewaris geane kloften folk nei de karavan-, camping- en fakânsjebeurzen om alfêst de sfear fan fakânsje op te snuven en plannen te meitsjen foar de fakânsje, in healjier letter.


As yn augustus/septimber de earste pipernuten en sûkeladeletters yn 'e supermerken lizze, freegje lytse bern oan heit en mem wannear 't Sinteklaas komt, mei syn (swarte?) pieten en de stoomboat fol mei kadootsjes. Dat duorret dan noch sa'n fearnsjier. Foar dy pjutten, dy't noch gjin benul fan tiid en dagen hawwe, is dat in ivichheid.

Ear't Sinteklaas foet oan wâl set, hinget de earste krystferljochting al oan de gevels en yn beammen. Dy ljochtsjes fine de lytse bern moai, mar se freegje heit en mem der net nei wannear 't de krystdagen binne. De measte bern witte tsjintwurdich net iens wat krysttiid betsjut. Of se moatte al heard hawwe fan de krystman, mei syn rindieren en in slide grôftol mei presintsjes; yoho, yoho!

Yn stee fan bern, binne it de âldere generaasjes dy't nei krysttiid útsjogge. En oan de krystferljochting en –fersiering te sjen, dogge se dat hieltyd earder. Blykber hawwe de minsken mear en mear ferlet fan in deimannich rêst yn it drokke en bytiden ûnrêstige bestean. En sjogge se dêrom de krystdagen langhalzjend yn 'e mjitte. Faaks noch mear as lytse bern dat dogge nei Sinteklaas.

Benammen yn dizze wiken fan advint binne der ek in soad minsken dy't mei langstme útsjogge nei krysttiid om de berte fan Jezus te betinken. Nei alle gedachten hawwe in soad minsken dêr yn dizze betiizjende en ûnwisse tiid mear ferlet fan en langstme nei as foarhinne. Dit jier ha we de langste advintstiid dy't mooglik is. Fan 27 novimber oant de jûnsbea op 24 desimber. Tiid by de roes om in krystboadskip fan frede, frijheid en leafde út te dragen. Goede krystdagen tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)



16 desimber lekker ite

GJIN C TE HEECH

sneon 22 oktober 2022 yn De Weijenbelt  
kabaret Noordenbos & Ko mei 'Gjin C te heech'  
57 besikers

Fjouwer jier lyn fermakke it kabaretselskip Noordenbos & Ko ús in jûn mei it programma 'Ferbining'. Dat foel doe tige yn 'e smaak. Dizze kear brocht it selskip harren nije programma 'Gjin C te heech'. De ferwachtingen fan de oanwêzigen wiene dan ek heech. Dat wie by Noordenbos & Ko net oars, want it wie foar harren de premjêre. Fan de spanning dy't in premjêre ornaris jout, wie lykwols net folle te bespeuren. De jierrenlange ûnderfining dy't it selskip hat, docht dan fertuten. De fjouwer spylsters fiele har op it poadium sa frij as fûgels yn 'e loft. En de begelieding fan pianist Pieter Jelle van der Laan jout de froulju in muzikaal steuntsje yn 'e rêch. Dy froulju, Aline v.d. Wey – Struikisma, Renie Zuiderveld, Janneke Themmen – Westra en Klaske Kingma – Noordenbos, litte de ferskillende, foar elts werkenbere, foarfallen en situaasjes flot fan 'e tried rinne. Bygelyks de Hollânske 'dames' dy't harren fergapje oan de romte en de loft fan it waad, de memmen dy't harren bern by it fuotbaljen oanfjurje, de



*Kabaretselskip Noordebbos & Ko*

âlderein dy't byinoar komt om muzyk te meitsjen, ensfh. Dialogen en in pear monologen wurde ôfwiksele mei in grut tal lieten. Dêr draacht de pianist, mei in pear hiel moaie lieten, syn stienstje ek oan by. Yn 'Gjin C te heech' wurdt nearne tsjinoan skopt, it binne ek net echt maatskippij krityske stikjes, mar Noordenbos & Ko hâldt it publyk wol in spegel foar. En it kin hast net oars, as men moat laitsje as men yn dy spegel sjocht. Sa hat it selskip de oanwêzigen in fleurige en noflikke middei besoarge.

(JB)

OMSKRIUWING FAN DE KRYSTPUZEL

1. Mei immen wat beprate
2. Op benypte wize krytyk hawwe
3. Rinstek foar bern
4. Tige djoer
5. Unútsteanber persoan
6. Downen trekkebekje. Minsken ...
7. Ut in fêst punt wei hinne en wer bewege
8. Op ferfelende toan kleie
9. Nijsgjirrich fan alle kanten besjen
10. Temûk (meast negatyf) oer oaren flústerje
11. Unbrûkmer meitsje
12. Lytsguod fan amper of gjin wearde
13. Wêr silst hinne? Nei ...
14. Unnedige drokte / fratsen
15. Op ûnskuldige wize foar de gek hâlde
16. Fakânsje / frije dagen
17. Ferbaal rûzje meitsje

Stjoer foar 25 desimber de oplossing fan de krystpuzel yn mei in mailsje nei [janendjoke@home.nl](mailto:janendjoke@home.nl) of in appke nei 0614268993.

Op ús nijjersmiddei fan 20 jannewaris 2023 wurde de prizen ûnder de ynstjoerders útlotte. Wa't útlotte wurdt en der dy middei net is, komt op 'e kâlde kofje. Want de oranjekoeke wurdt net thús besoarge. Dan wurdt der gewoan op 'e nij lotte.

**In soad wille mei it ynfoljen tawinske.**



**KRYSTPUZEL**

De krystpuzel fan foarich jier waard troch trije leden goed oplost. Dêrmei wûnen se 4, 8 en 12 stikken lekkere oranjekoeke. Dit jier besykje we it nochris. Nei alle gedachten binne der wol mear leden, dy't sa'n priis winne wolle. Want der binne wer 4, 8 en 12 stikken oranjekoeke as priis. Alle leden kinne meidwaan. Utsein Djoke en ik. Dat sprekt fansels.

Hiene de wurden foarich jier te krijen mei kryst, diskear moatte der moaie, typysk Fryske wurden ynfold wurde. Der hoege gjin dakjes ensfh. op de letters te kommen. Deselde sifers hawwe deselde letters. As de puzel goed ynfolt is, stiet yn de arsearre kolom in persoan dy't oeral foar ynset wurde kin.

De omskriuwing fan de wurden stiet hjirjonken.

1					2			3			5	3	8		
2	1		3		3										
3				4		2	6	8					2		
4				2				3	2	5	7	7	8		2
5			3	1		3									
6				5			8	4			2			8	
7				9		1		9			2	8			
8			3	2				6			2	8			
9			4			6	5	3	8						
10				5		3		8							
11					2	2		6	6		9			2	8
12				6				6	2		6				
13		5			8				6	6					
14	4		4	4		1			5			8			
15					2	2			1	8					
16			3	6			6		8		7				6
17											1	8			



By it **krystmiel** op freed 16 desimber o.k. sjongt it Frysk Sjongkoar Swol in tal moaie krystlieten. Dêr binne we tige bliid mei en, al sizze we dat net sa gau, der ek grutsk op, dat der sa'n moai koar yn Swol bestiet.

*O, hil'ge nacht*

*O, hil'ge nacht, wy lúst'rje nei jins sangen  
en sjogge op nei it hocht fan Bethlehem.  
Tsjustere machten hâlden ús yn finz'nis,  
mar bliid en treastend klinkt dêr in ing'lestim.*



De leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** sjonge al jierren mei in soad nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn 't Frysk songen wurdt!

Freedtemoarns om 10 oere repetearret it koar yn it Moetingsintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kom earst mar ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

<b>Douwe Boersma</b>	<b>foarsitter / skriuwer</b>	<b>0523 – 656802</b>
<b>Jolanda Lootens</b>	<b>pongâlder</b>	<b>038 – 420066</b>
<b>Jelma Wiegersma</b>	<b>diriginte</b>	<b>038 – 3311670</b>





Der hawwe dit jier 257 minsken meidien oan de kwalifikaasje foar It Grut Frysk Diktee. De 15 bêsten dêrfan diene mei oan de grutte finale op 17 maaie yn de Steatseal fan it Provinsjehûs yn Ljouwert.

It diktee, dat skreaun is troch twadde keamerlid Habtamu de Hoop, waard dit jier yn in nije foarm hâlden. Neist de 15 yndividuele dielnimmers diene der ek seis teams fan elk seis persoanen mei; studinten, direkteuren, Freonen fan Omrop Fryslân, politysy, pommeranten en Friezen om utens.

It team fan de **Friezen om utens** bestie út:

- Petra Aukema fan krite Swol
- Jan Bijkerk fan krite Lelystêd
- Sjoerdsje Bijkerk fan krite Lelystêd
- Siebren Miedema fan krite Boadegraven
- Gerrita Otten fan krite Utert/Seist
- Ludzer van der Schors fan krite Meppel

Fan de seis groepen kamen de studinten as earste út de bus. De Friezen om utens waarden tredde. In bêste prestaasje! 'Wy fûnen it hiel moai om dit ris mei te meitsjen', seinen se.

It Grut Frysk Diktee 2022 is wûn troch Lútsen Bakker fan Grins. Hy hie mar in heale flater yn syn diktee en fertsjinne as priiswinner dêrmei it Gouden Dakje. It wie in spannende striid en it ferskil tusken de winner en de oaren wie hiel lyts: de nûmers 2 en 3 hiene elk mar ien flater.

De resultaten fan 'e teamleden wiene wikseljend. Der wiene guon by dy't fjouwer, fiif of seis flaters hiene, mar ek guon dy't dúdlik net wend wiene om yn it Frysk te skriuwen. Utsjitters wiene 92 en 107 flaters.

It tema fan it diktee wie 'sport'. 'Ik fyn it in geweldige ear dat ik it diktee skriuwe mei', sei De Hoop. 'Ik fyn it hiel belangryk foar it befoarderjen fan it Frysk en it is moai dat ik sa dêr in bydrage oan leverje kin.'

(JB)

De tekst fan it Grut Frysk Diktee stiet op side 6.

(ferfolch fan side 12)

Syn skriuwersnamme wie trouwens net Sixma van Heemstra, mar hy brûkte it pseudonym Homme Eernstma. Under dizze namme skreau hy de Roman Hagois, oer it libben fan syn mem Johanna Schimmelpenninck yn De Haach. De famylje wie opsternaat doe't dit boek útkaam yn 1998. Hy docht yn dizze roman in boekje iepen oer it aadlike fermidden ynklusyf de eigen famylje en dat foel net yn goede ierde.

In oar bekend boek fan Homme Eernstma is Leafdedea. Op de webside <https://www.sirkwy.fr> is oer dit boek it ien en oar te finen.

Us besite oan De Colckhof levere ek noch wat oars op. Yn de gevel fan de oanbou, oan de foarkant, is it famyljewapen fan de Van Heemstra's oanbrocht.

Yn de hal fan De Colckhof foel ús each op in houten bankje, op syn Hynljippers beskildere. Der stie in tekst op. Nimmen koe der wiis út wurde. Dy (op de foto wat min te lêzen) tekst wie yn it Hynljippers: *'Brek gjin boenken, brûk dit bankjen'*. Boenken is

Hynljippers foar bonken. It boadskip wie dúdlik. Stroffelje net, gean gau sitten.



It kin hast net oars of Feijo Schelto sil der de hân yn hân hawwe dat dit bankje op De Colckhof telâne kommen is.

Mei groetnis.  
**Freerk Kunst**

## TWA MIDDAGEN YN JANNEWARIS EN MAART 2023

**Freedtemiddei 20 jannewaris** hâlde wy in noflike **nijjersmiddei** mei û.o. (folks)ferhalefertelster **Sietske Ypenga – Keulen**.

**Sneontemiddei 11 maart** treedt it selskip **Fryaz** foar ús op mei ferhalen, lieten en muzyk.

Beide middagen wurde hâlden yn **De Weijenbelt** yn Zwolle-Berkum.

**Hâld dizze middagen frij en fersit se net.**

(ferfolch fan side 11)

Doe 't Feijo Schelto en Gerbrecht Elisabeth yn 1947 trouden, hawwe se harren net lang dernei op De Colckhof nei wenjen set. De barones Sixma van Heemstra – Van Dedem soarge foar it behear fan De Colckhof. Feijo Schelto bemuoide him der net mei.

Feijo Schelto wie keunsthistoarikus, yn 1950 promovearre op in dissertaasje oer de Hynljipper klaaiïnge (Hindelopper klederdracht) en wie ek belutsen by de ynventarisasje fan alle foarwerpen yn it Hidde Nijland Museum yn Hynljippen. Hy skreau boeken yn it Frysk en wie befreone mei de skriuwers Trinus Riemersma en Josse de Haan. Yn 1967 rjochtte hy it twatalige tydskrif A-wyt op, in poadium foar jonge Fryske skriuwers en de Ljouwerter provobeweging New Left. It blêd waard op strjitte ferkocht. It hat mar trije jier bestien.

In jier letter die hy op in skriuwerswykein yn Koartehimmen it útstel om in gedichtetillefoan op te rjochtsjen. Troch in tillefoannûmer te draaien krige men in gedicht te hearren. It idee wie ôfsjoen fan it Leger des Heils. Dizze organisaasje ferstjoerde per tillefoan krystboadskippen.

It plan waard útfierd troch de dichters Meindert Bylisma, Josse de Haan en Geert van der Zwaag en krige de namme fan 'Operaesje Fers'. It súkses wie sa grut dat de tillefoanline oerbeseet rekke en der ekstra linen bykomme moasten. Wa wit hjoeddedei noch fan 'Operaesje Fers'? Mar wat wie it in geweldig inisjatyf om yn dy tiid gedichten yn it Frysk troch de tillefoan te fersprieden. Dit wie de jury fan de Gysbert Japixpriis ek opfallen mei it gefolch dat yn 1969 al dizze priis oan de organisaasje fan 'Operaesje Fers' takend waard. Mar ek nou wer in 'oe-heden'. De priis mei allinnich mar takend wurde oan in persoan en net oan in organisaasje. Dus de provinsje Fryslân, dy't de priis subsidiearret, sette in kras troch it beslút fan de jury.

De hearen inisjatyfnimmers soene harren namme as dwerse bongels gjin ear oan dien hawwe at se der net eat op betochten. It befreone tydskrift Trotwaer organisearre in alternative útrikking fan de priis op de Lange Piip yn Ljouwert. Dizze aksje hat de krante helle, mei foto en al.

Feijo Schelto fielde him thús yn it milieu fan jonge en fernijende skriuwers. It adeldom liet him kâld. Der is in foto, nommen op it bordes fan De Colckhof, mei allegearre yn jachtgrien klaaide jagers, de learzens oan, in drankje yn de hân en foar harren de jachtbút fan dy deis (it 'tableau'). Feijo Schelto stiet der ûnwennich tusken mei it kolbert oan, op platte skuon en de strik foar.

(ferfolch op side 13)



De ledebydrage is op syn minst € 9.-- jiers.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180 of in e-mail stjoere nei [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl)  
Oanmelde fia de webside [www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen) kin ek.



As **Freon fan Omrop Fryslân**:

- Stypje jo Omrop Fryslân troch projekten dy't op inisjatyf fan de Freonen dien wurde.
- Krijje jo ynfomaasje oer aktiviteiten fan de Freonen fan de Omrop.
- Krijje jo it ledeblêd 'Each & Ear' en/of nijsbrieven digitaal of mei de post tastjoerd.

## FOLKSHEGESKOALLE SCHYLGERALAN



Deunby it Noardseestrân en Wrâlderfgoed it Waadseegebiet leit de Volkshegeskoalle op in sintraal plak op Skylge, yn de Hoarnske bosk. De akkommodaasje is boud op de fûneminten fan de Atlantic Wall. De bunkers út de Twadde Wrâldoarloch hawwe no in funksje as sliepseal of ytseal. Goed tritich jier lyn is 'de Brêge' (foto) der by boud.

Fan âlds is de Volkshegeskoalle in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Neist in edukatyf programma, biedt de Volkshegeskoalle in perfekte akkommodaasje foar in skoalreisje, famylje- of bedriuwstapke of gewoan in noflikke fakânsje. Yn 2023 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness en Zen, natoertochten, ensafuorhinne.

Wa't mear witte wol oer alles wat er op 'e Volkshegeskoalle Schylgeralan te rêden is, kin terjochte op webside [www.folkshegeskoalle.fr](http://www.folkshegeskoalle.fr)

IT GRUT FRYSK DIKTEE 2022**In natuertalint**

Elkenien dy't jong is hat in dream. De iene wol proffuotballer wurde, in oarenien giselwjukpiloat en in inkeling kening op de PC yn Frjentsjer. Dit jonkje wie sa'nien. As bern gie er simmerdeis mei syn âldelju op de fyts nei it Sjúkelân en hy keatste yn 'e wykeinen safolle mooglik wedstriden. Al gau die bliken dat er net in soad keatstalint hie. Hy wie net atletysk, minder mânsk as de oaren fan syn jierren en samar klomsk. Suver alle wiken moast er fanwegen in trochseleie hân wer balkeare. Mar dochs hold er de kop derfoar. As er alle jûnen hûndert ballen opslaan soe, dan soe it dochs in kear better gear? De holle woe wol, mar de lea wurke net mei. Tsjin alle ferwachtingen yn die hy as jongkeardel mei oan de Freulepartij yn Wommels foar syn doarp Tsjom. En dêr koe er ek gjin wedstriid winne.

Mar mei't syn sportive prestaasjes efterútbuorken, ûntduts er in oar talint. Om't er sa gevoelig wie foar it waar, fiede er as gjin oar oan oft it eazje soe, dat it glûpende kâld waard of dat der in pypkanielstoarm komme soe. It foel hieltyd mear minsken op hoe bysûnder oft syn unike gefoel foar atmosfearyske feroaringen wie. It kaam safier dat de agrariërs him fregen wannear't se yn 'e haaiïng moasten en dat er rieplachte waard oft it yn 'e kiif stie oft it fuotbaltoernoai sneontemoarns wol trochgean koe. Piet soe in sneinskeatser bleaun wêze en nea kening fan 'e PC wurde, mar hy waard wol de kening fan 'e waarlju. As it op waarfoarsizzingen oankaam sloech er altyd in boppeslach. Fan profesje waard er meteorolooch, mar boppe-al bleau er gewoan Piet, dat jonkje út Tsjom. Lit ús hjoed foar Piet mei-inoar noch ienris yn it waar sjen.

**Habtamu de Hoop**SAMAR 4 NIJE LEDEN

It oerfalt ús suver! Samar hawwe we 4 nije leden. Dat is yn gjin jierren bard. Hjir binne we fansels tige mei ynnommen. Wy hoopje, dat se har gau thús fiele yn ús fermidden. Efkes in praatsje mei harren meitsje, kin dêroan bydrage.


De nije leden binne **Carianne van Harten, Tineke Porte en Johannes en Marjan van Putten**. Yn it ramt fan de AGV (Algemene Verordening Gegevensbescherming) kinne hjir gjin adres ensfh. fermeld wurde.

**Tige wolkom by it selskip, bêste minsken!**

IN FRIES OP DE COLCKHOF

Snein 10 juny 2019 wie it brodzich waar. De waarmte wie om te snijen, in skiere sinne, gjin wyn, rein- en swierwaardriging hong yn 'e loft. De twifel om der op út wie grut. De oandrang om dochs in fytstochtsje te meitsjen wûn it lykwols fan de twifel. Dy bewuste snein wie it de "Dag van het kasteel". Bewenners en eigeneren fan moaie grutte huzen sette dan de doarren iepen foar besikers. Dat binne gelegenheden om net foarby gear te litten, benammen net as de ynteresse foar de histoarje fan gebou en omjouwing lyk op rint mei de nijsgjirrigens nei hoe 't foarname lju no eins libje.

We hiene De Colckhof yn Laag Zuthem op ús listje stean. Net echt in kastiel, mar yn oarsprong in ienfâldich hearehûs (in 'spieker'), dat omendeby 1800 der in mânske oanbou by krige. By it hûs heart sa 'n 80 pûnsmiet lân en noch in stikmannich wenningen. De Colckhof leit ten suden fan Swol, fuort by De Alderdinck.



*Feijo Schelto baron Sixma van Heemstra*

We wiene op syk nei spoaren fan in Fryske baron dy 't der wenne hat, Feijo Schelto baron Sixma van Heemstra (1916-1999). Hy wie trouw mei Gerbrecht Elisabeth barones van Dedem (1916-2008). De nammen allinnich al dogge jin sear oan de eagen, de adeldom spat der fan ôf. De namme Sixma van Heemstra is tige ferneamd yn Fryslân; itselde jildt foar de Van Dedems yn Oerisel.

De âlders fan Gerbrecht hawwe alle war dien om it spul yn hannen te krijen. De heit, Frederik van Dedem, wie direkteur fan it postkantoar yn Olst. Dat wie fansels fier ûnder syn stân. Hy wie in bûtenminske en hie nocht oan jeijen. Dan heart der in bûtenhûs by.

Yn 1907 kaam De Colckhof te keap. Mar, oh heden, it hûs en de neist lizzende persielen waarden foar syn noas weikocht troch in sekere Geesink út Wijhe. It wie bekend dat Frederik van Dedem net goed oerwei koe mei Geesink. Hy wie hûsdokter en hat wenne yn itselde hûs as dat fan de skriuwer fan dit stikje. Gelokkich wie de dokter yn 1912 der oan ta om De Colckhof te ferkeapjen. Geesink hie it yn 1907 kocht foar 14.000 gûne; Van Dedem hat der fiif jier letter 30.000 gûne foar deltele moatten. De priis gyng dus mear as oer de kop. Van Dedem waard der net oars fan, it mocht harren wol barre.

*(ferfolch op side 12)*





**De Ried fan de Fryske Beweging** is de belangeorganisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer. De Ried is dwaande mei tal fan saken dy't fan belang achte wurde foar it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. Dat docht de Ried ûnder oaren troch oerlis mei de polityk, organisaasjes te stypjen dy't itselde neistribje as de Ried, kontakt te sykjen mei ynstânsjes dêr 't se mear omtinken foar it Frysk fan freegje en de aktiviteiten fan de Ried yn de publisiteit te bringen. De Ried is mei-organisator fan de Fryske Reklamepriis en de Fedde Schurerlêzing. Fierder rikt de Ried ien kear yn 't jier de Fear yn 'e Broek út en stjoert it no en dan Plombrieven nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk. De Ried hat inkele siden om minsken yn de kunde komme te litten mei it Frysk. De nijsside [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl), bringt alle dagen wrâldnijs yn it Frysk, nijsgjirrige kollums en bysûnder nijs oer it Frysk. In oare side fan de Ried, [www.startside.frl](http://www.startside.frl), is de poarte nei Frysktalige websiden en organisaasjes foar de Fryske taal en kultuer op it wrâldwide web. Sûnt 2019 jout de Ried ek in folslein Frysktalich magazine út, **DE NIJE**. In abonnemint foar de 4



nûmers jiers kostet mar € 17,50. Stipers fan de Ried krije DE NIJE fergees. De Ried is ek wakker aktyf op it ynternet. Sa is de Ried ek te finen op Facebook en Twitter. Mear ynformaasje is te finen op de webside fan de Ried: [www.fryskebeweging.frl](http://www.fryskebeweging.frl).

*Boarne: Ried fan de Fryske Beweging*



Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale dei-/wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei moaie kollums), sport, ferdivedaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl). It kostet fierders neat.

# krystmiel

**Freed 16 desimber 2022 om 17.30 oere (healwei seizen)  
yn Café Restaurant 'De Mol', Heinoseweg 32, Zwolle  
(→ ynrin fan 17.00 (fiif) oere ôf)**

It krystmiel is njonkelytsen in fêst ûnderdiel fan ús winterprogramma. Lekker ite (4 gongen), gleske wyn of wat oars der by en moaie muzyk en sang. Leden dy't ien kear west hawwe, komme dan ek grif wer. Op 16 desimber wurdt it de 13<sup>e</sup> kear. En diskear mei meiwurking fan it **Frysk Sjongkoar Swol**.

Foar ús leden kostet it mar **€ 30.= de man/frou**.

Net freegje hoe't it kin! Gewoan opjaan!

Dat kin mei in mailsje nei [fryskselskipswol@gmail.com](mailto:fryskselskipswol@gmail.com) Set der wol by as it om 1 of 2 persoanen giet en as jo op **medysk advys** in dieet hawwe.

Jo kinne ús ponghâlder **Sjoerd Bakker** ek efkes belje: 0529 401683.

Binne jo allinne en wolle jo graach in famyljelid of freon(dinne) meinimme, dy't gjin lid fan ús selskip is, dan kin dat. Foar dyjinge jildt in priis fan **€ 45.=**.

**Foar 6 desimber opjaan**

*en graach tagelyk it jild oermeitsje op bankrekken NL95 RABO 037.73.37.366  
fan it Frysk Selskip Swol.*



# Lekker ite

**Freed 16 desimber 2022 om 17.30 oere (ynrin fan fiif oere ôf) yn Café Restaurant "De Mol" te Swol**

Heinoseweg 32, Zwolle



**krystmiel**

**mei meiwurking fan it**



**' Frysk Sjongkoar Swol'**



*Noch net opjûn foar it krystmiel? Doch dat dan daliks! Sjoch side 7.*

**DER IS DIZZE JUN IN FERLOTING MEI MOAIE (KRYST)PRIZEN !!!**